1e JIERGONG MEI 1981 NR. 8

# DOARPSOMROPPER

MOANNEBLED FOAR ALDEGEA EN OMKRITEN



**Jachtwerf Eernewoude**
Princehof 3
Tel. 05117–9300 b.g.g. 9251

# Fa. Westerdijk en Zn.

**Gem. Jachthaven**
Feansterdyk 2
Tel. 9360



Tevens voor de doe-het-zelver is er gelegenheid voor het onderhoud van uw boot

Voor al uw onderhoud en reparatie
Botenlift met hijsvermogen tot 20 ton

# Voor al uw levensmiddelen

**Aardappelen - groenten - fruit**

**bloemen en planten naar:**



# Gerrit en Goke Adema

**Buorren 17 - OUDEGA - telefoon 05127-1371**

VERRUKKELIJK VERS EN PLEZIERIG GOEDKOOP

DE DOARPSOMROPPER

Moannebl̂ed foar Aldegea en omkriten

Samlers:
R. Jansma - Udema
B. Wijma - v.d. Wal
L. de Jong
W. Toering

Samlerskip:
Achterwei 5
Till. 07127 - 1726

**KOPIJ FOAR IT SIMMERMOANNENUMER FOAR 17 JUNY INLEVERJE OP ACHTERWEI 5**

Ynhâld:

FERIENINGSNIJS:
- Jeugdsoos
- Doarpsbelang
- Biljartclub
- Mivero
- Vogelwacht Oudega
- Avond-vierdaagse
- De Lofstem
- Damclub

IT WITTEN WURDICH

SKIEDNIS

YNSTJOERD

KULTURELE WURKLIST

SOCIALE WURKLIST

## TAAL I

"It is in aardich blêd, hear, mar der stiet sa'n protte Frysk yn", moat ik wolris oanhearre. Dat blêd is ús Doarpsomropper en de toan dêr 't it op sein wurdt is lichtjes ferwitend, krekt as soe ik my der eins wat foar skamje moatte. It is wier fansels, der stiet aardich wat Frysk yn ús doarpsblêd. Mar sa heart it ek, neffens my.
Destiids is oan 'e Aldegeasters frege om nammen foar dit blêd te betinken; der is doe in moai nust ynstjoerd en it wiene allegear Fryske nammen. Letter hawwe de lêzers der ien út keazen en sa hat dit blêd in Fryske namme krige. Dy namme is de flagge dy 't de fracht dekke moat. Dy fracht, de ynhâld, heart dus neffens my ek Frysk te wêzen. Dat is ien reden foar my om Frysk te skriuwen.
Mar der is noch in reden. As ik yn it doarp mei de minsken praat, yn in winkel, op strjitte of thús, dan prate wy Frysk meiinoar. Dat is natuerlik, dat heart sa, Aldegea is no ienris in Frysktalich plak. En as ik no op papier tsjin dyselde minsken praat, yn 'e Doarpsomropper, wêrom soe 'k my dan ynienen ferbrekke moatte en dy minsken yn it Hollânsk oansprekke? Ik soe mysels oanstellerich en kloatich fine, as ik it die. Ik wit wol, it wurdt in bulte dien. Dêrfandinne wurdt der wolris fan de Friezen sein, dat it wat in nuver folkje is: se prate in taal dy 't se net skriuwe en se skriuwe in taal dy 't se net prate. Mar ik bin net fan doel om dêroan mei te dwaan en dêrom is dit stikje ek wer yn ús memmetaal skreaun.

L. de J.

## MAITIIDSGREIDE

*De greide leit yn mylde maitiidsglâns*
*mei wite wolkjes oan de loften lâns,*
*goudgiele bûterblommen yn 'e sinne ....*
*Wannear krijt hjir it griis beton syn kâns?*

*A(nne) J(ousma)*
*yn Lyts Frisia, 1980*

## PINKSTER

*Wy libje fan de wyn*
*dy 't komt út heech fermidden,*
*en 't hiele hûs is fol*
*fan freugde en oanbidden.*
*It poent de herten oan*
*en yn 't ferhoalen hôf*
*brekke de lieten los*
*en stige God ta lof.*

*Jaap Zijlstra, oersetting*
*fan Douwe A. Tamminga*

## FERIENINGSNIJS

### JEUGDSOOS

Zoals u als dorpsbewoners heeft gemerkt is er een Commissie bezig met het oprichten van een jeugdsoos. De commissiesamenstelling is ontstaan op een plaatselijk belangvergadering. Hiervoor zijn verschillende vergaderingen belegd en hebben wij als commissie bezoeken afgelegd naar sozen, die in oprichting waren of reeds draaien. Verder is er een enquete geweest, die de volgende uitslag opleverde:

| | |
|---|---|
| VOOR de jeugdsoos: | 209, of te wel 52,25 procent is 767 inwoners. |
| TEGEN: | 37, of te wel 9,25 procent is 136 inwoners. |
| GEEN MENING: | 154, of te wel 38,50 procent is 565 inwoners. |

Er waren 400 formulieren uitgegeven. En Oudega kende op dat moment 1468 inwoners. Dit is dachten wij een duidelijk antwoord op onze vraag: Er blijkt duidelijk behoefte te bestaan. Ook hebben wij besprekingen gehad met prov. mensen betreffende jeugdaangelegenheden en wel de dir. dhr. W. Bijma. Het gesprek met de gemeentelijke ambtenaren van jeugdzaken, de heren Vogelzang en Dijkhof, heeft ons duidelijk gemaakt dat de huisvesting het grootste probleem zal gaan opleveren. Misschien is er een dorpsbewoner die voor dit probleem een goede afdoende oplossing weet? In de toekomst zal de commissie een vergadering of te wel een inspraakavond organiseren, waarin de ouders en jeugd hun wensen en verlangens kwijt kunnen en eventuele alternatieven kunnen spuien.

De commissie: Joland van Reenen, Jan Slotegraaf, Piet v.d. Wal, Janke Postema - van Wieren, Folkert B. de Haan, Hielke Weening, Ferry Verwoerd, Jans Sluiter, Rinus Hiemstra.

### DOARPSBELANG

De wichtigste punten út de jiergearkomst fan 17/3'81 en de bûtengewoane gearkomst fan 11/5'81 wiene:

a. de hear Hylke Weening wurdt yn it bestjoer keazen.
b. it P.E.B. sil in ûndersyk ynstelle nei de kosten fan mear strjitlampen op it West.
c. Doarpsbelang wol 500 oant 1.000 gûne jaan om it gebouke op de haven yn 'e oarder te krijen.
d. troch it wurk fan de hear Tsjibbe de Jong en syn frou hat Doarpsbelang no 300 leden út rom 400 húshâldings : 31 nije leden.
e. it karbrief yn konsept is mei in pear feroarings goedkard.
f. de útwreiding fan it tsjerkehôf sil yn koarten mei begûn wurde.

De skriuwer
B. Jansma

### BILJARTEN

De dit jaar opgerichte biljartclub Oudega in de "Welling-bar" heeft haar 1e Clubmatch gehouden. Er is uitstekend gespeeld met spannende partijen. Het gemiddelde van enkele spelers werd weer enigszins verhoogd; de eindstrijd ging tussen de heren Sjoerd van der Wal en H. Lycklema. Deze waren de winnaars in de resp. A en B poule's. De wisseltroffee kwam in bezit van Sjoerd v.d. Wal. Volgend jaar zal er gespeeld worden tegen diverse biljartclubs, zodat de club dan echt gaat meedraaien in het biljartgebeuren. Er wordt naar gestreefd niet meer dan 12 - 14 leden te hebben, daar anders te weinig speeltijd per lid overblijft.
W.Welling




**Autohandel - Spuitinrichting**
**Schadereparatie**

NU OOK DIESELOLIE VERKRIJGBAAR.

AUKE DE VRIES - GARAGEBEDRIJF

Gariperwei 2, Oudega Small. - telefoon 05127 - 1777



## VOGELWACHT OUDEGA e.o.

Deze keer moet U van mij geen lang verhaal verwachten. Wanneer U dit leest, zitten we in de mooiste tijd van het jaar, alles bloeit en groeit en de meeste vogels zitten te broeden of hebben al jongen.



Over ons veldwerk valt nog niet veel te vertellen, we hebben al vele telefoontjes van veehouders gekregen en doen ons uiterste best om zoveel mogelijk legsels te sparen. De nestkasten zijn een keer gekontroleerd en het bleek dat de meeste kasten bezet zijn, de ringmus is in aantal sterk vooruit gegaan. Over dit hele gebeuren zult U later meer vernemen.

Er is een geval wat ik nog even wil noemen. Er kwam iemand tot de ontdekking, dat er een roodborstje zat te broeden in de heren w.c. van de box op het sportterrein. Als U weet dat er misschien drie of vier paartjes in Oudega broeden, is het te begrijpen dat wij kontakt met het bestuur van Quick hebben gezocht. De kruk werd uit de deur gehaald, en het roodborstje kon ongestoord zijn gang gaan; hiervoor onze dank aan het bestuur.



Het paartje ooievaars dat op 5 eieren zit te broeden, doet het goed; als U dit leest zijn er hopenlijk al jongen. De eenden rondom Oudega, vooral langs de haven treffen het niet, het blijkt namelijk dat de nesten leeggehaald worden en dit gebeurt BESLIST NIET door kraaien of eksters!

De voorzitter
K. Welling

---

## MAAIESANKJE

*Maaiewyn, maaiewyn,*
*fûgelsang en sinneskyn*
*djoeie derten oer 'e lannen.*
*Ljippen tommelj' oer 'e wjok:*
*'t iwich âld en nije lok*
*falt yn minskehannen.*

*(Ut: De weagen oer, Gerben Brouwer)*

## "AVOND-VIERDAAGSE"

Lykas oare jierren organisearret de N.N.W.B. (Noord Nederl. Wandelsport Bond) ek dit jier wer de s.n. Avond-Vierdaagse. Diskear yn 'e wike fan 15 o.e.m. 20 juni, mar yn ferbân mei pleatslike omstannichheden kin fan dy data ôfwykt wurde. Der hawwe yn 'e rin fan 'e jierren ek kloften Aldegeasters oan meidien en der sille fan 't jier ek wol wer in protte oan meidwaan. It is sawat wizânsje wurden, dat de Aldegeasters yn De Pein begjinne, mar dat is net perfoarst nedich. Wa 't de omkriten fan De Pein al fakernôch besjoen hat, soe fan 't jier bygelyks wolris begjinne kinne yn Burgum of Eastemar. Wêr 't it begjinpunt ek wêze mei, yn alle gefallen sukses tawinske.

---

**De slûge soe ek, mar hy stoar earder.**


**WIJ**

**S L IJ P E N**

**VAKKUNDIG EN VOORDELIG**

Heggescharen
Huishoudscharen
Snoeischaren

Messen, ook met kartel
Veescheermessen
Schaatsen
Zagen en beitels

Motormaaiers, ook reparatie
Handmaaiers
Motorzaagkettingen

TEVENS VOOR AL UW REPARATIEWERK

**H. VEENSTRA**
**Sânbuorren 15**
**Oudega (Sm)**

**Werkplaats:**
**Achterwei 39**
**Tel. 05127 - 1994**

CAFE - BAR - SLIJTERIJ

„DE HERBERGH”



*Voor een*
*- koel glas bier*
*- een fijne borrel*

*De gehele week geopend vanaf 10 uur*
*(woensdags gesloten tot 's avonds 8 uur)*

*Div. soepen, uitsmijters en warme snacks*

*Als vanouds het stamcafé waar u rustig*
*een kaartje kunt leggen*

Buorren 11a, Oudega (Small.)
Tel. 05127 - 1644
Tot ziens bij Joop en Nel

## MIVERO 1981

Koartlyn hat de Mivero har forjiersgearsit halden der waerden tige nuveraerdige dingen besprutsen. Der sil wer een fakânsjefolder utjown wurde, de Mivero Kadobonnen sille yn een breder mêd oanbean wurde, dus net alline by de Rabobank, mar ek by ferskaete Miverosaeken (to herkennen oan Mivero Kado Embleem). Hjir kinne jo dizze "kadootjes" oanskaffe. Fierders waerd de Braderie alle meiwurking tasein. Men wie it der oer iens dat der net to folle fan itselde keapwaer wêze moast om een sa attraktyf mooglike gearstalling to krijen. Der waerd tige prys steld op dergelyke bezigheden. Ek de Mivero sil der by it gemeentebistjûr op oantrune it destyds taseine baeiersplak to krijen. In fytspaed en in sonneweide op it âlde Butewetterplak "siebrenlyske" moat der ek komme. De Mivero sil it kommende Damseizoen foar de Damclub Aldegea in Damtoernooi sponserje. It wurdt in Provinsiaal barren mei oer de hûndert dammers. Fierders waerd der besletten finansieel de jachthavenkommisje to stypjen om it Havengebouw op to knappen (en in foar Aldegea). Dat wurdt dan in hûske foar manlju en froulju, stopcontact, wetterlieding, wasbakken en bergplak. Der is ek plak ynromme foar it meitsjen fan reklame en in doarpsoandúding. Nei de pause wie it wurd oan 'e plysje. De heren Walthuis en Mulder, ús doarpsplysje, diene útliz oer it foarkommen fan stellen en diverijen en slot- en doarwurken tige to befeiligjen. In interresante gearkomste mei in fiks tal Miveroleden.

W. Welling

---

**Alles feroaret, sei 't âld wyfke, eartiids kraaiden de hoannen en no gapje se.**



de èchte grienteman!

*It adres foar*
*1e klas*
*ierpels - grienten - fruit*
*en*
*libbensmiddels*

*Wy hawwe wer rûme kar*

*En wolle Jo in moaie fruitskaal weijaan?*
*Jo sizze it - of skilje ús mar*

*FOLKERT DE HAAN*
*Tel. 05127 - 1414*

**Moai sukses foar "DE LOFSTEM"**

Op 12 maaie l.l. hat ús koar meidien oan 'e sjongkriich yn 'e Salvatortsjerke te Ljouwert. Wy sieten eins allegear wol wat yn 'e lytse loege, doe 't wy der hinne rieden. Hoe soe 't ús ôfgean? In twadde priis, dêr soene wy wol tefreden mei wêze moatte. Ferline jier hawwe wy net meidien oan 'e sjongkriich; ús nije koarlieder, de hear Gauke Zijlstra fan Gietsjerk, hie doe noch mar krekt de leie yn 'e hannen, dat sadwaande.
It stik dat se ús no tastjoerd hiene om te sjongen wie Il grillo (it gersimmerke), ús eigen kar wie fallen op in gesang út it Lieteboek, n.t.l. nr. 34. Wy songen yn 'e ôfdieling Treflik ("uitmuntend") en wy hawwe ek treflik songen. Ta ús fernuvering hearden wy, dat de karmasters ús 323 punten jûn hiene en sadwaande kamen wy mei in grouwe earste priis thús. In moai sukses! Us koar hat op 't heden 40 leden. Nei it Krystsjongen fan ferline jier binne der in stikmannich nije leden by kommen, mar mear leden binne altyd wolkom, fansels; it is better mei de romte te rieden as mei de krapte, net wier? Wy oefenje tongersdeitejûns om healwei achten yn It Miensker.

It bestjoer fan
"De Lofstem"


HOTEL RESTAURANT

"Het Witte Huis"



* ZALEN VOOR GROTE PARTIJEN

* FAMILIEDINEETJES

* ZAKENDINERS

* GESPECIALISEERD RESTAURANT

HET GEHELE JAAR GEOPEND

******

uw gastheer is de heer S. MODDERMAN

van harinxmaweg 20 olterterp
tel. 05126 - 1262


**POLITYK RYM**

Frij bin wy om te dreamen, tinken, wollen!
Frij? inkeld om jim eigen grêf te dollen.
Wy binne demokraten, frij man, frij!
Spoekbylden dûnsjende troch lege hollen . . .

G.N. V(isser) yn
Lyts Frisia, 1978

**It ferskil tusken minsken en bisten is net dat minsken tinke kinne en bisten net, mar dat bisten neat om tillevyzje jouwe.**




**VEEHOUDERS VAN OUDEGA**

**KOSTENBEHEERSING?**

Veel mechaniseren lijkt fijn,
Voor de winst is het maar schijn,
Laat daarom ook in het komende seizoen,
Uw werkzaamheden door het loonbedrijf doen.

**FA. TOERING**
staat voor U klaar om voor U o.a.:
**te maaien, voor hooipersen, inkuilen, mest- en gierverspreiden, kraan- en dumperverhuur, enz.**

**Bel vroegtijdig, dit voorkomt teleurstelling.**

Oudega
05127 - 1582

Eernewoude
05117 - 9387

**Beleefd aanbevolen**
**Fa. TOERING**
**Loonbedrijf**

D A M C L U B



O U D E G A

Op vr. 1 mei hield de Damclub haar jaarlijkse feestavond voor leden, vrouwen en donateurs. Voorzitter O. Kooi opende de vergadering en heette allen hartelijk welkom. De voorzitter memoreerde nog de prestaties van de afgelopen winter, geen kampioenen, maar wel goede resultaten op diverse tournooien. Secr. P. Feddema las de jaarverslagen en tevens het financiële verslag van de club.
In de vacature J.D. de Jong werd S. de Graaf in het bestuur gekozen.
Prijzen werden uitgereikt door O. Kooi aan de volgende spelers. In groep I werd Ha.J. Jonker kampioen voor W. Wijma die 2e werd, 3e werd F. Kooi, dit na een beslissingswedstrijd tegen L. Houwink. In groep II werd Joh. de Graaf ongeslagen kampioen. S. Siebenga werd hier 2e, terwijl B. Klijnstra en O. Roukens op de derde plaats eindigden. Door de heer D.D. de Vries werden de wisselbekers uitgereikt. Kapper Pruiksma werd in de bloemetjes gezet voor de altijd toepasselijke muziek. P. Feddema werd een cadeau aangeboden voor het vele werk dat hij voor de club verrichtte als secr., wedstrijdleider en penningmeester. De geslaagde avond werd verder nog gevuld met een verloting en bingo. In de kleine uurtjes verrastte U. Tjeerdsma de vergadering nog op een voordracht.

Eindstand:

| GROEP I | | GROEP II | |
|---|---|---|---|
| 1 Ha.J. Jonker | 19 uit 14 | 1 Joh. de Graaf | 36 uit 20 |
| 2 W. Wijma | 17 uit 14 | 2 S. Siebenga | 25 uit 20 |
| 3 F. Kooi | 16 uit 14 | 3 B. Klijnstra | 24 uit 20 |
| L. Houwink | 16 uit 14 | O. Roukens | 24 uit 20 |
| 5 J. Bruining | 14 uit 14 | 5 D. v.d. Mei | 18 uit 20 |
| J.Jansma | 14 uit 14 | 6 D. Jonker | 17 uit 20 |
| He.W. Jonker | 14 uit 14 | Tj. Jonkhoff | 17 uit 20 |
| O. Kooi | 14 uit 14 | 8 Kl. Jacobi | 16 uit 20 |
| G. Tjeerdsma | 14 uit 14 | 9 Sj. Reitsma | 15 uit 20 |
| Ha.W. Jonker | 14 uit 14 | 10 Cath. Bouma | 14 uit 20 |
| 11 U. Tjeerdsma | 13 uit 14 | Gr. Wijma | 14 uit 20 |
| 12 S. de Graaf | 12 uit 14 | | |
| 13 S. Jonker | 11 uit 14 | | |
| D. Tjeerdsma | 11 uit 14 | | |
| K. de Vries | 11 uit 14 | | |

Op vrijdag 28 aug. start de Damclub weer met een ledenvergadering, om op vr. 4 sept. weer met de nieuwe competitie te beginnen.

esa travel counter

BUORREN 11
OUDEGA SMALL.
TEL. 05127 - 1755*

vliegreizen
cruises
safari's
expedities
scheepspassages
groepsreizen

chalets
touringcarreizen
treinreizen
wereldvliegreizen
wintersport
bejaardenreizen




Noordkade 57 DRACHTEN Tel. 05120 - 12004

## IT WITTEN WURDICH

### BOOTVERKOOPSHOW

De boatferkeapshow yn Earnewâld dy 't dit jier foar it earst hâlden is hat yn 'e mande mei kâld waer dochs wol in sukses west. De útstalling wie tige wiidweidich, net alline skippers mar ek bykomstigheden sa as accu's, verwarming, dieselmotoren, buitenboordmotors - verven en antifoulings - en in stand fan 'e Rabobank wie terplekke. De organisatie kriget ek nei de útstalling noch gauwris fragen nei de boaten dy 't der leine. De ynbring wie 34 skippers en skipkes wêr 7 fan ferkoft binne. De heren Wester en Welling binne dermei net ûntofreden, sadot it terrein rounom Sylnocht Earnewâld it takommende jier wis en grif wer yn show as dizze herbergje sil.

W.Welling

Yn de moanne maye sil de útstallingsromte fan "It Bûthús" wêr wy in exposysje hawwe fan amateurskilders/essen. Der sille sa 'n 60 wurken to besjen wêze. It is tige nijskjirrich hoe 't amateurs ta sokke goede prestaesjes komme kinne. De exposysje is fanôf 3 ûre iepen troch de Welling Bar. Ek is der wurk to keap.

W. Welling

---

### RESEPT

Hjir hiene wy in resept fan jim ferwachte. Wolle jim foar de oare kear wol ien ynstjoere?

R. J.-U.

---


**R IJ L E S ? ? ? ? ? ?**

heeft u moeilijkheden met schakelen ? ? ?
of wilt u SNELLER uw rijbewijs ? ? ?

behalve schakelauto's hebben wij nu ook
een
**A U T O M A A T ! ! ! !**

**Autorijschool W. PIJL, Ureterp**
**Foareker 27 tel. 05125 - 2151**

Gedipl. instructeurs:

| | | |
|---|---|---|
| Wiebren Pijl | Ureterp | 05125 - 2151 |
| Niek Zwart | Surhuisterveen | 05124 - 3144 |
| Piet Aans | Hemrik | 05166 - 497 |

**en voor OUDEGA e.o.:**

| | | |
|---|---|---|
| **Geert v/d Klijn** | **Drachten** | **05120 - 15210** |

onze GARANTIE:
een doelgerichte en verantwoorde rij-opleiding

nu nog Opel Ascona . . . . . binnenkort
B.M.W. en Renault ! ! !





Rijwielen o.a. GAZELLE en UNION.

De vanouds bekende SMID
van OUDEGA met een
nog echt open vuur.
Tel. 05127 - 1536

*A.J. WELLING*
*BUORREN 18*
*OUDEGA*



Hawwe jo in frieskast of -kiste?

En wolle jo der graach poerbêst bôleguod yn ha?

S k i l j e ú s d a n e f k e s

Wy komme moandeis en tiisdeis mei bakkersguod
yn Aldegea

**Waarme Bakker**
**J. J E L S M A**

**Boarnburgum** **Tillefoan 05126 - 1215**

1. Deel 60 door een half en tel er 10 bij op. Wat is de uitkomst?

2. O - A O - A X - S B - U

AL

6,7 f f f f



---

Tsjerke en toer moatte midden yn it doarp bliuwe.

De maaitiidsfolder fan 'e Marrekrite is út en it wie de bedoeling om dizze yn 'e Doarpsomropper ôf te printsjen. It jout in goed oersicht wêr 't men fersjennings op it mêd fan oanlizzen, ôffâlpûden en tinten makke hat. Spitigernoch is it net geskikt om hjir ôfprinte te wurden. It struiblêd leit by it postkantoar op besjen.

R. J.-U.

---

In goed ko hat wolris in ûnddogesk keal.

---

**VOOR UW BOOT EN CARAVANARTIKELEN**

**BOOTSERVICE W.H. W E L L I N G**
**Op 'e Wal 4 - Oudega (Sm.)**

**(Voor informatie Yanmar Dieselmotoren vanaf 8 tot 33 P.K.)**
**YAMAHA * nieuwe - gebruikte buitenboordmotoren; laaggeprijsd; garantie**

| | | |
|---|---|---|
| Vaarbomen | Peddels | Houtskool |
| Pikhaken | Vlaggen | Jerrycans |
| Fenders | Luchtboten | Zwembadjes |
| Touwwerk | Smeerolie | Waterpompen |
| Loopplanken | Kook- en verwarmingstoestellen | Parasols |
| Sluitwerk | Camping-gaz | Tuinstoelen |
| Zwemvesten | Hengelsportartikelen | Tuintafels |

**Kom gerust eens neuzen in onze verkoophal Op 'e Wal 4**

## TAAL II

Sa út en troch wurdt der troch dizze en jinge wolris tsjin my sein: "Sjoch, wy sizze hjir altyd fan saterdei, mar op 'e klaai sizze se sneon. Dat sil, tink, wol better Frysk wêze?"
Dat de sprekker soks tinkt komt fansels hjirfandinne, dat it wurd saterdei sa 'n soad liket op it Hollânske wurd zaterdag. Der wurdt dan al gau tocht: saterdei sil wol in wat ferfryske Hollânsk wurd wêze.
De nammen fan 'e dagen fan 'e wike binne âld, ieuwen âld al. Dr. P. Sipma (Ta it Frysk II) ornearret, dat se nei alle gedachten út 'e tredde of fjirde ieu stamme. By it foarmjen fan dy nammen hat it Latyn it grutte foarbyld west.
SATERDEI is in wurdoersetting fan it Latynske dies Saturni (is dei fan Saturnus). Dy Saturnus wie in Romeinske god, dy fan de lânbou, in boeregod dus. De Saturnusfeesten (de saturnaliën) wiene Romeinske volksfeesten en waarden fierd fan 17 - 23 desimber. By it fêstlizzen fan de data fan ús Krystfeest sil dat wol ynfloed hân ha, de data fan de saturnaliën, mien ik. Mar dêr wolle wy it no net oer ha. Noch efkes: yn it wurd saterdei is de namme fan in Romeinske godheid bewarre bleaun. Nijsgjirrich is, dat de foarm allinne brûkt wurdt yn it Fryske, it Ingelske (saturday) en it Nederfrankyske (zaterdag) taalgebiet. It wurd komt al foar yn it Aldfrysk, d.i. it Frysk fan foar plm. 1500.
SNEON giet net tebek op in Latynsk foarbyld. It is ûntstien út it Aldfryske sunna-ewend. It foarste diel is it Aldfryske sunna (is sinne), it twadde is Aldfrysk ewend (is jûn) yn de Kristlike betsjutting fan "jûn foar de snein". Fierders komme ek foar de foarmen: sniond, snevend, snioun, dy 't de hjoeddeiske foarm sneon wol ferklearje. De Dútsers hawwe it wurd ek yn Sonnabend. As wy no ta eintsjebeslút nochris it hear oersjogge, dan kinne wy sizze, dat saterdei en sneon allebeide âlde Fryske wurden binne.

L. de J.




*It is goun minsken like folle*
*ot de kou skiet of de bolle*

*Mar foar in goed stik fleis, sa ha'k ûndekt*
*komt it de measten tige krekt*

*Dêrom en dit is tocht ik kleare tael*
*stiet kwaliteit by ús sintrael*

*En smakket it jo tige lekker,*
*tinke jo, hjirfan wol'k mear*

*Dan steane wy mei de bekende kwaliteit*
*foar fulling fan jo friezer klear*

*Dus foar ljirre, snijworst of*
*in stikje rikke spek op brea*

*Hoask oanrikkemedearre*

**OEDS PIETERSMA**

**SLACHTER ALDEGEA**



**V E R F** schilderen buitenom, belangrijk voor uw waardevolle bezit.

**B E H A N G** grote collectie wandbekleding.

**G L A S** thermopane met subsidie.



**Uw vakbekwame schilder ....**

**Vrijblijvende adviezen**

**Fa. A. van KEIMPEMA, Schildersbedrijf**
**Fabrykswei 17, 9216 WR Oudega (Sm.)**
**Tel. 05127 - 1206**

**PETEAR MEI PLYSJE**

Freed, 15 maaie, hawwe in pear samlers fan de Doarpsomropper in petear hân mei de hear A. Mulder, ús kriteplysje ("wijkagent"). It petear stiet, bekoarte, hjir ûnder. Wy hawwe doe fergetten om Mulder nei syn tillefoannûmer te freegjen en jouwe dat dêrom hjir mar efkes: Plysjeburo 05120 - 14444. As der reden foar is, dan sil Mulder tenei de Doarpsomropper ek wolris brûke om ien en oar oan 'e Aldegeasters mei te dielen.



**Doarpsomropper:** Wat docht in kriteplysje, om dat wurd mar ris te brûken, no eins.
**Mulder:** Koartsein, it komt hjir op del, dat wy de libbenssitewaasjes wat nofliker meitsje wolle. Dat sille meastentiids, hoopje ik, lytse dingen wêze, dêr 't myn help by nedich is. Kwestjes oer losrinnende hûnen, rûzjes oer hiemfreding byg., ik neam mar wat. De tiid fan plysjes, dy 't efkes út 'e auto wippe, in pear wurden sizze en wer fuortride, is eins wer foarby.
**Doarpsomropper:** Ja, tsien, fyftjin jier lyn moast it plysjewurk konsintrearre wurde op in sintraal punt. Wa betocht dat plan?
**Mulder:** Ja, wa betocht dat. Wa 't it brein efter dy sintralisaasje wie, wit ik ek net. Mar it kaam fan hegerein op ús del, sa gong dat.
**Doarpsomropper:** Mar regearen, bestjoeren, is yn 'e takomst sjen, is de hjitting. En no wurdt dat sintralisaasje-idee al wer opjûn.
**Mulder:** Ja, dat is sa. Mar ja, dat sintralisearjen hat in jiermannich lyn de trend west. In soarte fan moadeferskynsel. Yn oare lannen waard soks ek dien en dan wurdt der al gau tocht, dat wy der ek oan meidwaan moatte. Sa giet soks.
**Doarpsomropper:** Is it wurd wykagent eins wol in goed wurd. By wyk tink ik oan in part fan in grut plak.
**Mulder:** Och ja, der soe faaks wol in better wurd te finen wêze. Mar it is by ús net oars as by oare beroppen, wy hawwe ek in soarte fan fakjargon en dêr heart it wurd wyk yn thús.
**Doarpsomropper:** Soe kriteplysje eins net in better wurd wêze, bygelyks?
**Mulder:** Myn wurk leit yn De Pein, De Tike, Nijegea en Aldegea. En, it mei jo wat frjemd talykje, mar by ús hyt dat no ienris in wyk.
**Doarpsomropper:** Hawwe jo altyd al in protte field foar dizze manier fan wurkjen? Ik bedoel hawwe jo jo der foar oanbean of is it jo fan hegerein oplein?
**Mulder:** Nee, wy binne der net foar oanwiisd. Myn superieuren wisten fan my wol, dat ik in protte fiel foar dizze manier fan wurkjen. Dat sadwaande bin ik der yn kommen. Myn foargonger is oerstapt nei de technyske tsjinst fan ús plysjeapparaat.
**Doarpsomropper:** Leit it ek yn 'e bedoeling, dat de kriteplysje skielk wer yn syn krite komt te wenjen?
**Mulder:** O, wat dat oanbelanget, dêr binne wy hielendal frij yn. Ik wenje op it stuit yn Drachten en it foldocht ús dêr skoan, mar as ik yn 'e takomst byg. leaver yn De Tike of yn Aldegea wenje woe, dan waard der my gjin strie oerdwers lein. It soe hiel wol mooglik wêze kinne, dat de âlde tastân nochris werom komt en dat in doarp nochris wer syn eigen plysje krijt.
**Doarpsomropper:** Hoe sit ik no mei jo tsjinstoeren?
**Mulder:** Ja, dat is op it stuit noch net idéaal, want ik moat no ek noch yn de tsjinst yn Drachten meidraaie. Foar in krite- of doarpsplysje liket it my idéaal, dat de man net sa oan in strak roaster bûn is. Sjoch, it liket my idéaal ta om f'ral middeis en jûns tsjinst te dwaan yn 'e doarpen. Jûns is it wurk dien en dan hat men de grutste kâns om de minsken thús oan te treffen om allerhande saken te bepraten en te regeljen. Mar, sa 't ik al sei, in part fan myn wurk leit no noch yn Drachten. Wa wit, as wy ris wat mear minsken krije kinne by de plysje .....
**Doarpsomropper:** Sa 'n doarpsplysje koe men foarhinne eins altyd berikke, suver by nacht en by dei.
**Mulder:** Ja, sa 'n man hie eins noait frije tiid. En syn frou die ek plysjewurk. Dy naam thús by de doar of de tillefoan de klachten oan fan de minsken, dêr 't har man dan letter wer efteroan moast. Mar soks kin no fansels net mear. Elkenien hat no rjocht op frije tiid, de plysjes ek fansels.
**Doarpsomropper:** Mulder, ik fûn it aardich om mei jo wat te praten oer jo berop. Ik wit dat it hjoed jo frije dei wie, mar jo binne hjir dochs hinne fytst om mei ús te petearjen. Tige betanke dêr foar.
**Mulder:** Mei ik dan it lêste wurd hawwe? Sjoch, doe 't ik hjir niis hinne fytste, seach ik in boerd oan in beam hingjen en dêrfan waard ik wiis, dat der hjir saterdei in rommelmerk hâlden wurde sil. Dêr wist ik neat fan. It kin dochs wêze, dat der safolle auto's op ôfkomme, dat der wat regele wurde moat? Wêrom jouwe se dat no net eefkes oan my troch. Dêr bin ik no krekt foar. Langlesten, it wie op keninginnedei leau 'k, skille ik nei Aldegea om te freegjen oft der ek wat te rêden wie yn it doarp. Der wie neat te rêden, waard my trochdien, mar letter hearde ik, dat de drumband troch it doarp west hie. Net ien hat der om tocht om my dat witte te litten en der hiene har dochs maklik sitewaasjes foar dwaan kint, mei it ferkear bygelyks, dêr 't in plysje by wêze moatten hie. Soene jo de Aldegeasters freegje wolle om soksoarte dingen fuortoan ek oan my troch te dwaan?
**Doarpsomropper:** It komt yn oarder, Mulder.




# familiedrukwerk?

*Bij ons heeft u een ruime*
*keuze uit de meest*
*originele*
*GEBOORTE-*
*VERLOVINGS-*
*HUWELIJKSKAARTEN*

**DRUKKERIJ S.O.D. b.v.**
**Buorren 11, Oudega (Sm.)**
**Telefoon 05127 - 1755***
**(ook 's avonds en weekends na afspraak)**

## U WEET NIET WAT U HEBT
## PAS ALS U HET KWIJT BENT WEET U WAT U MIST ! ! !

Slaat U er de kranten maar op na, er wordt wat ingebroken in ons landje. Vervelend als het U treft, want inbraken en diefstal gaan gepaard met schrik, rommel en vernielingen. Al vergoedt de verzekering vaak de schade, het verdriet om de spullen die U kwijt bent blijft.

Daarom is het beter om INBRAKEN te VOORKOMEN. Veel mensen denken namelijk: "Bij ons valt toch niets te halen" of "Hier komen ze toch niet binnen". Totdat blijkt dat dit wel het geval is. Allemaal zaken waaraan we in het dagelijks leven, zolang het een ander betreft, achteloos voorbij gaan. Ook bij U is voldoende te halen. U hebt toch ook een koelkast? televisie? radio- of stereo-installatie? andere geluidsapparatuur? foto- en filmapparatuur? doe-het-zelf gereedschap en noem maar op. Als U dit allemaal zo voor Uzelf nagaat, dan komt U al snel tot de conclusie dat mensen zich eenvoudig niet realiseren wat ze in huis hebben. En als U dan ook nog nagaat van wat voor hang- en sluitwerk Uw woning is voorzien, dan komt U tot de conclusie dat mensen wel erg lichtvaardig met dat alles omspringen.

Daarom is het ook in Uw eigen belang dat U zelf helpt om INBRAKEN te VOORKOMEN.

Hoe kunt U dat doen? - - - - - Dat kunt U onder-

a. de achterdeur te voorzien van een goed slot (een cilinderslot - scharnieren met pennen vervangen door "paumellen" - de deur te voorzien van afsluitbare bijzetgrendels; aanbrengen van zgn. dievenklauwen;
b. ramen voorzien van paumellen - insteekgrendels - uitzetijzer afsluitbaar maken.

Verder is het noodzakelijk, voor het doen van een duidelijke aangifte in gevallen waarin wel is ingebroken, de WAARDEVOLLE VOORWERPEN die U in huis hebt te merken, te fotograferen, te registreren, zodat U goed kunt beschrijven hoe het gestolene eruit ziet. Op deze manier vergroot U de kans dat U uw spullen weer terug krijgt en de dader wordt opgespoord.

WAT U BESLIST NIET MOET DOEN ! !

Briefjes voor het raam dat U met vakantie bent of anders even weg bent - gordijnen of luxaflex afsluiten - bovenlichten open laten staan - sleutels aan de binnenzijde in de deur laten zitten of binnen handbereik laten liggen.

WAT U BESLIST WEL MOET DOEN ! !

Familie/buren inlichten dat U met vakantie bent - vermelden waar een sleutel is, zodat in voorkomende gevallen maatregelen kunnen worden genomen - registratiekaarten goed opbergen, zodat U de enige bent die 'm kan vinden. VOOR MEER INFORMATIE KUNT U ZICH WENDEN TOT DE AMBTENAAR VOORKOMING MISDRIJVEN. Deze vindt U aan het bureau van politie te Drachten, tel. 05120-14444. Aan dit bureau kunt U tevens de registratiekaarten verkrijgen (kosteloos).

Uw wijkagent
A. Mulder

---

**Alle begjin is swier, sei de dief,
en hy stiel in ambyld.**

---


NU NOG MEER SERVICE IN ONZE VERGROTE WINKELWAGEN




SRV

Jachtweide 7 Oudega telefoon 1652

R. v.d. VELDE

## DE EARSTE MOANNE

